4 - 4 - '80

# 'T SKIEPPE-STURTSJE



doarpskrante fan tsjerkwert e.o.

4e Jiergong " IT SKIEPPESTURTSJE " Nû. 4.

REDAKSJE: Wyke Blanksma-v.d. Witte, till. 9487
Sytske Dykstra-Bouwhuis, ,, 2968
Rients van Buren, ,, 9280
Marten Kikstra, ,, 9269
Jan Dykstra, ,, 9498

TYPE- EN STENCILWURK: Ineke Dykstra-v.d. Meer

OMSLACH: Albert van Lingen Jr., Ljouwert

REDAKSJEADRES: Sylroede 5

BANKRELAASJE: Rabobank Bolsward; gironr. 856.829 t.n.v.
Rabobank Bolsward, rek.nr. 3087.56.800 t.g.v.
It Skieppesturtsje, Tjerkwerd.

.-.-.-.-.-.-.-.-.-.-.-.-.-.-.-.-.-.-.-.-.-.-.-.-.-.-.-.-.-.-.-.-.-.-.

FOARWURD:

Ja minsken, de tiid fan fakânsje is dan wer foarby. Hopelik hat eltsenien de noadige energie en vitaminen opdien om mei nije moed oan 'e slach te gean, mei datjinge, wat him of har te wachtsjen stiet.

Guon minsken ha harren fakânsje trochbrocht yn it bûtenlân, wer 't fansels in protte te sjen is; oaren bliuwden tichter by hûs en fermakken harren dêr grif ek skoan.
En dan wienen der noch inkelden dy't hielendal thús bliuwden en der sa no en dan ris op út teagen, men soe dat de "Hylper- of Callantsooggangers" neame kinne.
Dit wiene de echte genieters fan "natuurschoon".

Mar hawar, we moatte allegearre wer en ek de bern gean wer nei skoalle en sille wer harren úterste bêst dwaan moatte om ta goede resultaten te kommen.

Wy betankje fansels noch eltsenien foar de fakânsje-kaarten. Wy hawwe se allegearre ophongen en de muorre is hast fol.

## Berichten van de Dorpsomroeper .........

* In het voorafgaande no. 3, dacht ik zeer terecht van de redactie om de lezers eens aan het woord te laten in no. 4, wat betreft iets over hun belevenissen in hun afgelopen vacantie te schrijven.

* Wat mijn vacantie betrof, die heb ik dit jaar merendeels doorgebracht op Balconia en in Gadernia. Velen zullen misschien denken, die man was helemaal in Italië, maar om geen dwaze verwarring te stichten, de bedoelde plaatsen betekenen niets, meer of minder dan thuis op Balkon en in de tuin.

* Na enkele Bejaardentehuizen in de omgeving te hebben bezocht, waar je bij leven en welzijn later misschien ook vaste bewoner van kan worden, mijn indruk hierover: je kunt er figuurzagen, biljarten of klaverjassen en nog genoeg andere dingen, en waar je telkens maar weer "verrast" wordt door een goedwillend Zangkoortje uit de buurt of amateurspelers, die zelf de meeste schik hebben als ze voor de oude mensen mogen optreden.

* Nog een tentoonstelling bezocht van de Ver. tot het opzetten van vlinders, maar daar is één dag toch heus te weinig om alles te kijken.

* En dan die prachtige boottocht over een aantal Friese meren, onvergetelijk, ik zal er niet te veel over schrijven, wel enkele voorvallen die ik u niet wil onthouden!
Bij de afvaart was een ieder vol verwachting wat de dag zou brengen. De kapitein, tegelijk stuurman en machinist, was een zeer correct mens dat kon je direct wel zien. Hij stelde ons direct al op ons gemak en had vooral veel begrip voor ons, toen wij in de volle deining van het eerste grote meer waren en enkele opvarenden braakneigingen vertoonden, maar dat was ook maar van tijdelijke aard. Wij voeren van het ene meer naar het andere, onderweg genietende van de Zeilboten en vooral die éénlingen op een plank met groot zeil.
Na de dag verstreek en met de thuishaven in zicht, raakte nog een deel van de opvarenden in paniek,

menende nl. dat er een man overboord was gevallen.
De kapitein, evenzeer verrast, liet meteen de stoomfluit gillen en de boot stilliggen na aan bakboord en stuurboord de sloepen te hebben gestreken en de reddingsboeien je links en rechts om de oren vlogen, een enkele kwam zelfs op de wal terecht, brak voor een ieder weer een grote geruststelling door, het was nl. loos alarm.
Het bedoelde slachtoffer kwam weer op het dek tevoorschijn, hij was nl. in slaap gevallen op een zekere plaats, daar de keizer te voet gaat, als u mij begrijpt!
Later liet hij mij weten, dat hij zeer vermoeid was en last had van Vacantieneurose. Al met al zeer gevarieerd.

* Tenslotte op de laatste dag van mijn vacantie ben ik thuis nog boven van de trap afgeknikkerd; ook dat was een hoogtepunt in mijn vacantie. Het zij zo!

* Uitslag Tuinwedstrijd <u>1980</u> nog deze maand.

Met de Hartelijke Groeten
van de Dorpsomroeper.

£-£-£-£-£

<u>Nije ynwenners</u>:

Onder de rubriek "nije ynwenners" hebben we in de vorige skieppesturt een stukje ter kennismaking geschreven! Och, minsken, wat skrokken wij:
"De heer en mevrouw" stond daar onder. No, der hawwe wy net foar leard. Dit is een vergissing; ook fout was dat mijn vrouw niet "Hoekstra" heet, maar "van Marrum". Maar we gaan verheugd verder!

Gegroet,

fam. Hoekstra-v. Marrum,
Sylroede 4.

Hallo allemaal,

Op 18 mei zijn we komen wonen aan het v. Panhuyskanaal.

We hebben het hier erg naar de zin, lekker op de ruimte. Mijn vriend is huisschilder in Bolsward, ikzelf werk als bezigheidstherapeute in het verpleeghuis de Iolânen in Sneek.
We hopen deze winter aktief met de bezigheden, die hier plaatsvinden, mee te doen.

Groeten van Wiebe en Ali,
v. Panhuysweg 4.

66666666

Swier waar boppe Tsjerkwert, sneinttomoarn 3 aug.,
Singel 8:

Moarns betiid, wylst ik oan 't kij opheljen wie, waard ik bysûnder troffen troch de frjemde griengiele loften, dy't driichjend om en oer ús doarpke hongen.
Yn 'e fierte tongere en wjerljochte it. De kij en harren driuwer knoffelden poestend en swittend oer it ûnflakke kouwepaad nei de stâl ta. It paad hie slim te lijen hân fan de wiete rite yn 'e julymoanne en wie no mei it droege waar bonkehurd wurden.
De kij fêst, fluch oan 't melken. Ik fergeat it waar efkes, oare dingen hiene myn oandacht.
Tea, ek al betiid wekker troch de tonger en tienertour-plannen fan dochter Jannie, brocht my in flaubyt en in lekker kopke thé.

Krekt wer oan 't melken, waard it roetswart om ús hinne. Tonger en wjerljocht wienen net fan de loft. Ik tocht by mysels: de kij moatte der mar wer út, dit komt sa net goed. Lokkich begûn it te reinen, mar de kij woenen der net út.
Opiens in fûle slach en allegear ljocht. De melkmasine en it ljocht sloegen mei in klap út.
In stik of fiif kij sprongen troch de skrik mei sa'n gong efterút, dat de kettingen brieken en se efteroer yn 'e groppe foelen. De rest balten ferskriklik, de bolle boppe alles út. 'k Tocht dit is raak en ferwachte de reade hoanne. Tea wie der ek al wer, en frege tige rêstich: wer is't ynslein?

en is der brân? Lokkich foel dat ta, it wie op it ûleboerd slein, der wie in rige dakpannen ôf en der siet in gat yn 't dak. Yn 'e skuorre en om 'e pleats hinne wat houtsplinters, dat wie it sawat.

Mei de skrik yn 'e fuotten soe 'k besykje it spul wer wat op gang te bringen.
De buorlju ha ús moreel en praktisch tige holpen.
By dizzen wol ik, ek nammens Tea, elk dy 't ús sa spontaan holpen ha, tige betanke.

Goed njoggen oere koe 'k wer melke. Broer Hein hat my noch efkes holpen, dat alve oere rûnen de kij wer yn 't lân.

F.G.

"="="="="

Jan in het moeras!

Terwijl allen vredig werkzaam waren op de Sylroede, ontstond er voor dhr. Blanksma een kritieke toestand. Hij zonk met de auto zienderogen voor de ramen van van der Wal in het aardse donker.
De emotionele toeschouwers konden geen hulp bieden.
De inmiddels toegesnelde Hoekstra zag het grote gevaar, waarin collega Blanksma verkeerde. Hij groef met een schop onder de auto, terwijl dhr. Schukken een plank ergens vandaan haalde, en ja hoor, na veel duw- en trekwerk, daar was Jan weer boven water.

$$$$$$$$$$

Uit het brughok geklapt ............
======================

Nu dit jaar de grootste drukte in de scheepvaart weer achter de rug is, leek het ons goed om U allen iets te vertellen over de afgelopen maanden. Zo zijn er in de bouwvak-vakantie (3 weken), 1881 betalende vaartuigen gepasseerd, dat is per week 627 stuks en per uur ± 11 stuks. Vorig jaar was er op één dag een aantal van 152 stuks gepasseerd, dit jaar kwamen er op één dag 165 vaartuigen door, oftewel ± 18 per uur.

Wij hopen, dat U het ons niet al te kwalijk neemt, als U al eens voor de brug moest wachten. Wij zijn er van overtuigd, dat vooral de mensen die een bedrijf hebben er wel eens hinder van hebben ondervonden,en we hebben geprobeerd om dit zoveel mogelijk te beperken. Die ene dorpsgenoot, die geen bedrijf heeft en weer eens moest wachten en daarop reageerde door te schelden, vergeven wij die woorden.

Tot slot enkele voorvallen met de bootjesmensen:

- Een Duitser gooit in plaats van een gulden, een dubbeltje in de klomp; Eemswoude wordt gewaarschuwd.
- Een Duitser start, na motorpech, zijn jacht van de kade en probeert tijdens het wegvaren of hij het polyester bootje van Richard Schakel op sleeptouw kan nemen. Dit lukt niet.

- Een Nederlands jacht probeert de sterkte van de muur onder het brugdek. Schade aan boeg van jacht is zeer aanzienlijk. Degelijk gebouwde muur.

- Om 12.15 uur, tijdens middagpauze, ramt een tjalk van 18 ton de brug. Schipper dacht zeker, dat het een automatisch bediende brug was.
  Schade aan schip niet te zien, wel een verwrongen brugleuning. Niet zo'n degelijk gemaakte brugleuning. Wordt na het vaarseizoen gerepareerd.

- Verder is de brug van een nieuw laagje verf voorzien en op sommige plaatsen alweer aardig "schurf" getrapt.

Tot zover vanuit het brughok.

/+/+/+/+/+/

Wy woene graach eltsenien betankje
foar alles wat wy krigen ha oan
kaartsjes, taarten, kleantsjes en
blommen mei de berte fan ús jonkje
en broerke DURK. Hy is tige sûn en
weaget al 13 pûn.

Bertus, Nellie en Marieke Walsma,
Iemswâlde.

BOARGERLIKE STAN:

By de fam. Bertus Bruinsma op Arkum waard lytse JOHANNA NEELTJE berne. Heit Bertus kriget it no mar swier te ferduorjen mei syn froulju.

24 Augustus sille Leo Bekema en Gonnie Haitsma út Nijlân ferlove;
Piter Kooistra en Hinke Nauta binne al in stapke fierder, want sy sille op 29 augustus trouwe.

Tsjebbe Hettinga en Siepie Galama stappe op 11 septimber yn it houliksboatsje en in dei letter (op 12 septimber) binne Lolle Hijlkema en Titia Hettema fan doel om 'e lapen gear te smiten. Sij sette harren nei wenjen op Beabuorren.

$ $ $ $ $ $

"Heb het er maar fijn bij de zustertjes".

Dit was één van de opschriften van de ruim 45 kaarten, die ik heb mogen ontvangen tijdens mijn verblijf in het ziekenhuis, (net of je er voor de lol ligt). Toch heb ik er toen gelukkig om kunnen lachen. Daarom wou ik langs deze weg, mede namens mijn vriendin Gonnie, een ieder hartelijk bedanken, die mij het lachen mogelijk hebben gemaakt, hetzij met kaarten of cadeaus of met bezoek die 11 dagen, dat ik daar heb gelegen.

Ik hoop dan ook, dat een ieder die daar korte of lange tijd door moet maken, even gezond thuiskomt en weer even goed in zijn of haar dorp wordt opgevangen als ik.

L. Bekema.

?????????

Beste "Skieppesturt"-lezers,

Op velerlei verzoek hebben we besloten om weer een fondue-avond te organiseren en wel op <u>1 nov. a.s.</u>
We hopen, dat deze avond weer net zo geslaagd wordt als de vorige. De muziek zal verzorgd worden door het dans- en stemmings trio:

" <u>DE  GOLDSTARS</u> ".

De prijs is weer inclusief muziek, 2 consumpties en bediening, maar deze moet nog bepaald worden door de opkomst van het aantal personen.

Dus, u begrijpt, hoe meer mensen des te voordeliger wordt het voor u.
Heeft u een fondue-stel, dat we die avond mogen gebruiken, geef dat even bij opgave, ook aan ons door.

U kunt zich telefonisch opgeven bij:

Sietze en Doetie, tel. 9440 of bij

Auke en Jellie, tel. 9529.

Tot ziens op 1 nov. in 't Waltahûs.

(')'(')'(')

Bijdragen binne kommen fan:

R. Woudstra, Aldegea; dames B. en R. Bakker, Waltawei; K. Schukken, 't Hearrenfean; H. de Boer, Singel; Akke de Haan, Boalsert; R. de Jong, Tsjerkestrjitte; gebr. Gaastra, Parregea; J. Huitema, Boalsert; O. Schukken, Beetstersweach; frou Koopmans, Singel; W. de Vries, Waltawei.
Hertlik tank.

.-.-.-.

FOLKSLIET

Der binne inkelde folkslieten yn omloop oer Tsjerkwert. In liet, makke troch Wisse Postma, soe by 't Tsjerkwerter foarpsfeest wol wer ris fan stâl helle wurde kinne. Faaks koene wy mei help fan in mânske foarsjonger, dit liet wer nij libben ynblaze.

Wize: "Waterval"

Ik wenje yn Tsjerkwert, in doarp' oan de feart,
't Is mar in lyts plakje groun,
In skoalle, hwat huzen, in tsjerke en toer.
Dochs is myn hert hjir ferboun.

Leafde en leed gean ek hjir hân oan hân,
Minsken, dy komme en gean.
't Libben foroaret, de tiid fljocht foarby,
Mar Tsjerkwert bliuwt dochs bistean.

Refrein:

Tsjerkwert, myn doarpke, myn hert is by dy.
Mocht ik dy ea forjitte.
Fier fan dyn greiden, dyn hynders en kij,
'k Sil dy dochs nea forjitte.
't Plak dêr't wy altyd boarten as bern,
Tsjerkwert, oan dy ha 'k myn herte forlern.
Tsjerkwert, myn doarp, hwer't it lot my ek fiert,
Dy sil ik nea forjitte.

==========

Nagekomen berichten:

25 Augustus jl. maakte de Dorpsomroeper, die ieder jaar de Tuinwedstrijd organiseert, de hoofdprijzen bekend. Onder de vrolijke tonen van de plaatselijke fanfare Eensgezindheid, trok de stoet 's avonds door ons dorp. Uitslag: de Wisselbeker voor de gewone oftewel kleine tuinen, ging dit jaar naar de fam. G. Mulder, Singel en voor de grote tuinen ging de fam. F. Gietema, Singel, de eer binnenhalen, eveneens beloond met een mooie wisselbeker.

Snypsnaren:

- doe't Hendriks sels de brêge wipte wie it record-oantal boaten 152; nou't syn frou wipt is it record 165. froulju hawwe grif mear "aantrekkingskracht" op boaten as mânlju.
- it "naektstrân" by Callantsoog hat gâns (neaken ? ) besite fan Tsjerkwerters hawn. Sietse B. en Auke de H. hawwe har tige fernuvere; Wieger B. foun it dêr mar in lullich gesicht; Fokke G. kaem net oan syn knipperke ta !!!!!!
- Cor en Pyt van Zuiden wiene oan't wurk by Ule. Pyt helle ûndogenske streken út. Ule pakte him by de bealch en goaide him yn it sleatsje. Pyt kaem der wer út as in Turk.
- by Sjoerd Poelstra en Anne Bakker sloech in ko dea, dat is dan wer minder moai nijs.
- ús pleatselike herder en leraer Dirk N. hat in nije Volvo-frachtwein. de Rabo-bank skynt der ek mei te krijen te hawwen.
- Jan Blanksma fong in haai fan 80 sintimeter op 'e Noardsé; by Ids Schukken sprong der samar in brasem yn de boat: de iene komt der al makliker oan as de oare.
- Brandt hat it pand Waltawei 57 "kraekt".
- de nije auto fan Marten "VIVO" Kikstra rekke op Iemswâlde sûnder Marten deryn op gleed nei de feart. Van der Veen koe de auto noch krekt keare, oars hie Marten op'e bakfyts fierder moatten. ( Sa, nou wit Titie it ek ).
- de femylje Poelstra ferleit it fekânsjeadres fan Parys nei Londen.
- ús Fryske kursisten sille op 6 septimber eksamen dwaen, wylst wy oan't feestfieren binne.
- ús doarpsomropper stjûrde de redaksje in kaert út Balconia op Gadernia. Gadernia is in ûnbewenne eilân by Itaelje.
- yn it kader fan 'e winterjounenocht fersoargje de Callantsooggangers in joun mei film en dia's !!!!!!
- kopy ynleverje foar 15 oktober !!!!!!
- gratis puin af te halen . Kerkstraat 10.
- hawwe Jo moaie fekânsjeferhalen ? dy kinne dan yn it folgjende no. !! ynstjûre foar 15 oktober!!!!

